



KRITEBRIEF DESIMBER 2019

Kritejûn 23 novimber

Op 23 novimber ha wy genoaten fan de sang en teksten fan stichting Klaes Westra. Aeltje Walsma en Gea Verhaag ûnder lieding fan Gea Struiksma brochten it prachtige programma "It komt wer foar 't ljocht", basearre op it wurk fan Klaes Westra, mei âlde en nije teksten. Teksten fan mear as 60 jier lyn mar noch fan dizze tiid. Wy ha lustere nei en lake om "Hiske fan de Fûgelwacht" en meisongen mei "Djip yn 'e Walden" ensf. In pracht fan in kritejûn.

Nijjiersbesite mei Gurbe Douwstra.

Op freed 10 jannewaris hâlde wij ús jierlikse Nijjiersbesite yn it Ugchelens Belang. Op it programma stiet in grut stampotbuffet. **Wij sette útein om 17.30 mei in Nijjierstoast. Jo binne wolkom fan 17.00 oere ôf.** Nei it buffet sil Gurbe Douwstra foar ús optrede. Ein fan 'e Nijjiersbesite om in oere as healwei tsienen hinne. Gurbe Douwstra is ien fan de Fryske troubadoers. Mei in tal oare Fryske artysten kaam hij ein novimber op yn 'e Lawei. Dêr waard foar de achtste kear it Fryske Sjongersgala hâlden. Fierders fersoarget hij ferskate optredens yn en bûten Fryslân mei syn prachtige sjongteksten.

De kosten fan it hiele programma binne € 25. Wolle jo allinnich bij it optreden fan Gurbe Douwstra wêze: dat kin ek. Dat kostet dan € 7,50 en dat begjint om 19.30 oere.

Opjaan: foar 1 jannewaris bij Lammert van der Meulen

lammervandermeulen@kpnmail.nl (gjin t deryn dus) tel: 06-33316126. Of bij **Henk de Boer** **henkank.deboer48@kpnmail.nl** tel: 06-53929111.

net stinne mar derhinne



foar yn't bûsboekje:

7 maart 14.00 yn it Ugchelens Belang: noflike middei mei toaniel

28 maart yn Delft: AG Frysk Boun om Utens by de krite De Haach

17 april 19.00 yn de Duiker: jiergearkomste (feroare datum)

Wy winksje jimme een gesellige kryst en een noflike jierwiksel

kopij foar de nije Ut 'e Pinne graach ynstjoere foar 1 jannewaris